

# Dorpscanon van Folsgeare

Mieddyk

---



© Foto Wytske Heida

## Mieddyk

De dyk is oanlein omtrint de 12<sup>e</sup> iuw en rûn fanôf Folsgeare nei Fiifhûs, dêr't de dyk wer oansleat op de âlde Middelseedyk. De dyk hat net echt in seedyk west, mar is in âlde binnendyk. It lêste part fan de dyk is ferdwûn, mar oan Easterbuorren ta is de dyk bewarre bleaun. Dit sil grif komme om't de tsjerke fan Folsgeare eigner fan de dyk is. De âldst bekende namme fan de dyk is **Myoldick**, **Mijeldick** út it register fan oanbring fan 1511.

**Register van de(n) Aanbreng** of **Staat van Aanbreng** wie in ynventarisasje fan alle belestingplichtige huzen en grûn mei de nammen fan de eigners en brûkers yn [Fryslân](#). It wie de grûnslach foar de [floreerinte](#), doe noch in aparte ferheging fan de saneamde [jiertaks](#). It joech de soarte fan ynformaasje dy't letter ek yn it [kadaster](#) opnaam waard, mei de hierwearde fan de grûn.

De namme **Melledyk** wurdt brûkt yn it tsjerkeboek fan Folsgeare fanôf 1685, letter **Abbegeasterleane**, ek wol **Folsgeasterleane**, no **Mieddyk**.

Yn 2013 stelde de rie fan de gemeente Súdwest-Fryslân budzjet beskikber foar it kuiernetwurk "Oude paden, nieuwe wegen", fan "Landschapsbeheer Fryslân". It doel wie om âlde boerepaden yn âlde steat werom te bringen. De Mieddyk is doe wer in moaie kuierrûte wurden. In gerspaad, dat foar in part oer it hiem fan in boerebedriuw rint.

# Dorpscanon van Folsgeare

Mieddyk

---



## **Colofon**

*Tekst: Atse Bruin*

*Bewurking en oersetting: Wytske Heida*

*Foto's: Wytske Heida, Atse Bruin*

*Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsene. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.*